

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Schrier Underwerp: Aksje foar Sionsberg
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Foar de twadde kear yn fjouwer jier tiid wurdt sikehûs Sionsberg yn Dokkum bedrige yn syn fuortbestean. Diskear hat soarchbesekerder De Friesland (DFZ) it kontrakt opsein mei yngong fan 1 jannewaris 2017. Dat kin ynhâlde dat yn in tiidsbestek fan noch gjin heal jier sawat 100.000 minsken yn Noard-East Fryslân (ynklusyf de waadeilannen Skiermûntseach en it Amelân) ûnwis binne fan harren sikehûssoarch.</p> <p>It is skril om merkbite te moatten dat Sionsberg krekt yn in opgeande tiid mei dizze snútslach fan De Friesland konfrontearre wurde moat.</p> <p>Grutste fraach is hoe't it komt mei de polyklinyske soarch oan de minsken yn de regio en wat de provinsje Fryslân deroan dwaan kin om dy soarch berikber en beskikber te hâlden.</p> <p>Dêrom hawwe wy de folgjende fragen:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wat is jo reaksje op it berjocht yn de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad fan 1 en 2 augustus lêstlyn mei as titels "Sionsberg wankelt door ruzie met verzekeraar" en "De Friesland zegt contract met Sionsberg op"? 2. Al earder hat de takomst fan de Sionsberg wif west. Wat hat it Kolleezje yn de tuskentiid dien, nei de Steatebrede moasje fan 23 maaie 2012 oer akute soarch en bertesoarch dy't benammen ek referearre nei de regio Noardeast-Fryslân én de status fan krimpregio? 3. Neffens it Keamerstik 32 299 nr. 40, dat hannele oer de takomst fan de Sikehûssoarch (en de Sionsberg yn it bysûnder) hat minister Schippers doedestiids oer 'berikberens en beskikberens' sein dat "Die normen moeten ook goed worden ingevuld door verzekeraars in overleg met stakeholders in regio's waar dat aan de orde is"? Hat de provinsje Fryslân yn dizzen ek partij ('stakeholder') west as it gong oer it fêststellen fan dy noarmen? Sa net, wêrom net? Sa al, wat wie it resultaat fan de oerlizen? 4. Kloppet it dat der rjocht is op soarch, mei oare wurden dat DFZ ek net-kontraktearre soarch fergoedzje moat en dat sa Sionsberg boarnen fan ynkkomsten hâldt? 5. Sil it Kolleezje him ek de kommende tiid ynspanne om, yn it ferlingde fan de Steatebrede moasje fan 2012, de Sionsberg iepen te hâlden, om sa in berikbere en beskikbere sikehûsfoarsjenning foar de minsken yn Noardeast Fryslân te hâlden? En sa ja, sille jim noch foar it oerlis yn septimber tusken DFZ en Sionsberg yn aksje komme? 6. Yn it koalysje-akkoart is as Resultaat 19 opnommen: 'Wy hawwe mear te sizzen oer de sprieding fan

	soarchfoarsjennings'. Kin it Kolleezje fan DS ús ynformearje oer de stân fan saken? Hoe wurdt wurke om mear foech te krijen op dat mêd?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	3 augustus 2016
-------	-----------------